
Geart Tigchelaar

Rêdbâd's saga

Mei *Rêdbâd* – *Kronyk fan in kening* hat Willem Schoorstra syn 'magnum opus' skreaun. De skriuwer dy't yn Ternaard wennet, debutearre mei in dichtbondel *Ynwijing* (2001). Twa romans, *Swarte Ingels* (2004) en *De Ofrekken* (2007), en in ferhalebondel, *Berjochten út Babel* (2002) letter is Schoorstra no kommen mei in mânske histoaryske roman dêr't de romrofte lêste Fryske kening it haadpersonaazje fan is.

Schoorstra syn ferhaal wol hawwe dat *Rêdbâd*¹ foar twa winters weijûn wurdt om opfieden te wurden troch Egisgar en syn húshâlding. Egisgar is de heit fan Hadagrim, de ferteller fan 'e histoarje. Hadagrim is justjes âlder as *Rêdbâd* en moat op him 'passe' om't Egisgar gauris fuort is. Egisgar is in haneler sa as safolle Friezen yn dy tiid. En blykber in goedenien, want hy en syn húshâlding kinne skoan rûnkomme. *Rêdbâd* en Hadagrim wurde kammeraten, sels bloedfreonen. Om't Hadagrim suver net fan *Rêdbâd* syn side wykt, kin hy it ferhaal fan de kening opskriuwe. Op dy wize krijt de lêzer it hiele libbensferhaal fan *Rêdbâd* foarsetten. Fan hoe't er ta kening keazen waard oant syn úteinlike dea en fan syn earste pearjen oant de kristlike doop dy't er hast ûndergie. Dêrnjonken komt ek it ferhaal fan Pepyn fan Herstal op it rabat. Pepyn is de deadsfjân fan *Rêdbâd*. Mei't Schoorstra net allinnich in literêre prestaasje ôfleverde hat, mar benammen ek in histoarysk boek, sil yn it neikommende besprek dêr de klam op lizze.

35

FOARKRISTLIKE RITUELEN EN BRÛKMEN

Schoorstra hat metafoarysk sjoen lykas de god Wêda njoggen nachten oan in beam hongen en syn each ôfstien om de wiisheid en feardigens te bemachtigen sa'n saga skriuwe te kinnen. Ut alle bleidsiden docht bli-

1. Ik nim Schoorstra syn stavering oer, al kin ik it dêr net rjocht mei lykfine. Schoorstra wol dêrmei oanjaan dat de útspraak wierskynlik lang west hat, lykwols is it in ferkeard argumint om te sizzen dat it de âldste stavering is, want yn it Aldfrysk waard nammentlik noch net gebrûk makke fan soksoarte lêstekens.

ken dat Schoorstra him perfoarst net op in blaumoandei ynlêzen hat, mar yngeande stúdzje ferrjochte foar't er de pinne opkrigen hat en skriuw it mânske wurk. Dat begjint der al mei dat Rêdbâd twa winters by Egisgar en syn húshâlding komt. Dat men in bern oanbiedt, betsjut dat jo de oare heger oanslaan, en dêrmei is it eareferheegjend om in bern as fâd ûntfange te meien. Dat is tige fan belang yn in kultuer dêr't eare it heechste goed is. Wy sjogge soksoarte tafrielen in soad yn de Skandinavyske saga's. Dêr kin men út opmeitsje dat soks in gewoane gong fan saken wie yn de iere midsieuwen. Jonges waarden sa wrâldwizer makke en húshâldings waarden oan inoar ferbûn.

Eare en rom spylje yn it boek wichtige rollen en dat is mei rjocht en reden. Eare wie it grutste besit dat men hie en dat woe men hâlde wat it ek kostje mocht. Boppedat woe men it ek fergrutsje en dat koe men it bêste yn 'e striid dwaan. In saneamde 'striedea' waard dan ek fan griisd. Rêdbâd ferwurdet it sa: 'Soks is gjin ein foar in man, in strider, in kening.' (side 210). Hadagrim antwurdet dat men heart te stjerren mei in swurd yn 'e hân. It striderselan wurdt al ynlaat troch it motto: 'Besit stjert, sibben stjerre / Dosels stjerst as harren / Mar ien ding wit ik, dat ivich libbet: / De helderom fan de deade.' Dat hat Schoorstra helle út de *Havamal*² dat yn 'e Noarske Edda stiet (samling literêre en mytologyske wurken út it midsieuske Skandinavië). De helderom fan de deade is ivich, yn tsjinstelling ta besit en sibben. Dêrmei is fuort oanjûn hoe't tocht wurdt yn it boek.

36

Mei dy sterke klam op eare is it op it earste gesicht opmerklik dat goaden sa'n grutte rol spylje yn it libben fan 'e minsken. De minsken binne suver in spylbal yn 'e hannen fan de goaden. Alleast, sa wurdt tocht. Sa seit Rêdbâd op in stuit (side 360):

'De goaden beskiede,' sei er, 'it lot stiet fêst.'

Yn de Skandinavyske mytology wurdt de lotsbestimming bepaald troch de saneamde 'nornen'. Dat binne froulike skepsels dy't de triedden fan it lot spinne. It is singulier dat Schoorstra harren net ien kear neamt. Hawar, der is in sterk tinken dat it lot fêstleit en in minske dêr neat tsjin dwaan kin. Dat fine wy ek wannear't wy Homearos lêze, ek dêr giet it gefjocht om Troje mar krekt hoe't de pet fan 'e goaden sit. Dat nimt net wei dat men net it swurd yn de hannen nimme moat en besykje de fijân te oermasterjen.

Ik wol hjir net in wiidweidige opsomming meitsje fan alle dingen dy't Schoorstra út de Edda en oare mytologyske wurken helle hat. Dat soe te

2. Oersetting is sokssawat as 'Siswizen fan de Hegere'. Myn Ingelske edysje skriuwt: 'Sayings of the High One'.

lang wurde en boppedat haw ik grif in soad oer de holle sjoen. Ik hoopje dat it dúdlik wurden is dat Schoorstra tige thús is yn de Skandinavyske mytology.

DE HISTOARYSKE FEITEN

Willem Schoorstra hat him net allinnich basearre op de Edda en oare mytologyske wurken, mar ek op histoaryske boarnen. It kristendom tsjin it heidendom spilet in grutte rol yn it boek. De biskoppen Willibrord en Wulfram hawwe besocht en kerstenje de Friezen. De Friezen moatte dêr alhiel neat fan hawwe. Mar de misjonarissen hâlde oan as storein en sa is der alris in Fryske ealman dy't it nije leauwe oannimt. De wearzge is yn earste ynstânsje grut. Hadagrim hat skjûn syn nocht fan de moaipraters: 'Ik koe it net ferneare. Woe him deadwaan.' (side 201). Lykwols kin er him in side earder wol betinke dat guon gefoelich binne fan de prekers:

Dêr is immen út in fjemjend lân, immen dy't der tierich útsjocht, immen mei in rêde tonge dy't seit dat alles better wurde sil as se de goaden ôfswarre en de nije god út it easten yn it hert slute. De man hat it oer frede en ferdraachsumens, mar ek oer de skuld dêr't men mei yn de minskewrâld komt. Se begripe net wêr't er it oer hat, mar begjinne te wifkjen.

It nije leauwe bliuwt lykwols it leauwe fan de Franken en hja binne de fijannen fan 'e Friezen. Dus it is mear as allinnich mar teology, it is foar in hiel grut part ek in polityk spul. Rêdbâd makket dêr handich gebrûk fan en syn tsjinstanners besykje dat ek.

Pepyn fan Herstal is de ferspersoanliking fan it kristendom en beslacht de twadde ferhaalline. Hy wie in Frankyske hofmeier dy't syn besittingen hieltyd mear útwreide en yn 'e klins lei mei de Friezen. It is Rêdbâd syn grutste fjân. Pepyn is de heit fan Karel Martel, dy't as de earste fan de Karolingen sjoen wurdt. Karel Martel is wer de pake fan Karel de Grutte.

Wy lêze hoe't Pepyn syn heit fermoarde wurdt en hy mei de rest fan syn sibben flechtsje moat. Letter nimt er wraak op de moardner fan syn heit, en wint dêrmei fuort ek oansjen by de oare eallju yn 't Frankelân. Hy wurket him sa op ta in wichtich ealman. Yn de fjildslach om Tertry yn 687 fersloech Pepyn de Neustryske hofmeier Bertharius. Theuderik III mocht oanbliuwe as kening, mar Pepyn woe yn ruil dêrfoar hofmeier oer it hiele Frankyske ryk wurde. Sa krige er de úteinlike macht. De boarnen sprekke fan 687, mar Schoorstra datearret it yn 686. Hoe dan ek, ek dat barren klaait Schoorstra moai oannimlik yn.

Pepyn as godstsjinstich man stjoert syn misjonarissen nei de Friezen om dêr it wiere wurd te ferkundigjen. Willibrord docht dat op net sêftsinnige

wize en taast in boarne en de hillige kij op Fostelân oan. De doop fan Rêdbâd is yn de oanrin al neamd. Wy witte allegearre dat de oanhâlder wint, dus úteinlik is hiel Fryslân kerstene.

In oar histoarysk barren is de Slach om Keulen, dy't Karel Martel fierde tsjin Rêdbâd yn 716 dat it úteinlike ferlies fan de Friezen op de Franken west hat. Mar ek de fierdere striid om it hearskip binnen it Frankyske ryk nei de dea fan Pepyn fan Herstal dêr't Rêdbâd wer gebrûk fan makke en neam mar op.

Dêrneist is de skriuwer thús yn it Aldfryske tekstkorpus en de gebrûken dy't dêr oan 'e oarder komme. Sa waard Rêdbâd keazen op it keningsting, in folksgearkomste apart belein om in nije kening te kiezen, nei't syn heit Aldgillis stoarn wie. It keningskip wie dus net erflik, elke oare frije Fries koe it keningskip opeaskje. Der waard keazen, wannear't ien de mearderheid hie, wie dy de demokratysk keazen kening. De rjochtsprekker en gerjochtsbegeleder, de *asega*, komt foarby. Hy iepenet it ting yn Rêdbâd. Ek de straf fan it tsienspeakich tsjil en de noardoan rjochte beam wurde neamd. En folle net genôch.

FLESK OM 'E BONKEN

De earste sin fan it boek is masterlik: 'Ravens roppe in nije dei yn it ljocht; har skrille gjalpen kleauwe de slomme.' Foarst is de sin skreaun yn prachtige poëtyske taal dêr't âlde tiden yn spiegelje troch de wurdkar mei 'kleauwe de slomme'. Oard ropt it hiel sterk in byld op. It is moarns betiid, de minsken lizze noch heal yn 'e sûs, mar it ljocht stiet al oan 'e loft en de bisten binne al warber. Dat it hjir om ravens giet is de tredde laach fan de sin. It symbolyske register wurdt fuortdaliks iepenraamt. Ravens steane yn 'e Skandinavyske mytology as boadskippers. Odin, of op syn Frysk, Wêda hâldt de ravens Huginn ('tins') en Muginn ('ûnthâld') dy't him allegeduerigen op 'e hichte hâlde. Yn dizze earste sin wurdt eins it hiele boek karakterisearre. De âldfrinzige taal docht fansels eare oan de âlde tiden dêr't it ferhaal him yn ôfspilet. De poëtyske taal net minder. Lês bygelyks de Edda. En it hiele boek is befrissele mei symbolyk.

Schoorstra hat op treflike wize mei in soad flesk oer de bonken it ferhaal konstruearre, Prachtich is bygelyks hoe't er de doop fan Rêdbâd ynklaaid hat. Dat Rêdbâd mei ien foet yn it doopfont stiet is in tige bekend ferhaal. Hy betinkt 'm in tel en freget dan oan biskop Willibrord:³ 'Wêr hâlde mear keningen, foarsten en eallju fan it folk fan de Friezen ta? Yn de himel dêr't ik bedarje as ik my dope lit, of yn de hel?' (side 315). Willibrord anderet dan dat elk dy't

3. Guon boarnen nimme oan dat it Wulfram west hat. Schoorstra fiert Willibrord as doper oan.

him net dope lit fertart yn 'e hjittens fan de hel. Rêdbâd lûkt gau syn foet út it wetter mei de wurden dat er leaver baarnt yn de hel as mei dy kristlike suertsjes yn it paradys te sitten. Sûnder dat ik it doel wejjaan wol, klaait Schoorstra dy hiele doop en de oanrin dêrta yn ta in polityk skaakspul. De grutte winst fan it boek is dan ek dat it de hiele skiednis libben makket.

De opbou fan it boek is in sterk punt, Schoorstra nimt de tiid om de ferhâlding fan de bloedfreonen fan Rêdbâd en Hadagrim te beskriuwen. En hoe't Pepyn úteinlik oan 'e macht komt. Wilens bart der genôch, dat it perfoarst net te stadich giet. Krekt it tsjinoerstelde, sa'n ferhaal hat in stadige opbou nedich.

Yn ferlyk ta dy opbou falt dan it ein wat ôf. It giet dan ynienen hiel hurd. In foarbyld dêrfan is dat nei it ferstjerren fan de dochter fan Rêdbâd, Theudesinde, Rêdbâd der flink foar wei is. '...syn geast doarme yn oarden dy't fier fan de minskewrâld ôf stiene.' (side 342). De goademan Agga hat Rêdbâd wol weromhelje kinnen. 'Mar sa't it altyd giet yn datsoarte oangelegenheden: jo komme der net foarwei sûnder tol te beteljen. Skeind is Rêdbâd Aldgillissoan, de machtige foarst.' (side 343). Dat is dochs in tige yngripende feroaring yn it aard fan de kening. Mar dêr wurde net folle wurden oan smoarch makke, oars net as in koarte passaaasje en dêr moat de lêzer it mar mei dwaan. Dat jildt itselde foar de dea fan Theudesinde. Dat wurdt tusken noas en lippen troch fermeld en dat docht it boek gjin goed.

Der komme in soad personaazjes yn foar, en dan is it noflik dat efteryn it boek in lyst mei *dramatis personae* stiet. De lêzer moat lykwols goed it kopke derby hâlde, om't er der oars yn ferslacht. Nuver is dan ek dat de lyst pas mei de E begjint, wylst der genôch nammen mei letters dy't dêr noch foar sitte yn it alfabet foarkomme (bygelyks de krekt neamde Agga). Faaks is der wat by it opmeitsjen ferkeard gien. Mei al dy personaazjes hie it yn myn optyk net nedich west dat sawol Rêdbâd as Hadagrim der beide noch in oare leafde op nei hâlde. Dat makket it ûnnedich komplisearre. Schoorstra hie it better fuortlitte kinnen om dy romte yn it ein te stekken.

Mar it nuverste is dat de opset fan it boek wat it perspektyf oangiet net alhiel slagge is. Dêrmei doel ik op it feit dat it ferhaal skreaun is út Hadagrim wei. Hy wie de bloedfreon fan Rêdbâd en hat him sadwaande fan tichteby meimakke. Logysk en in hiel aardige wize om in fiktyf persoan sa op te fieren om it ferhaal oan op te hingjen. Yn de oanrin skriuwt Hadagrim dan ek: 'En ik, Hadagrim, soan fan Egisgar, sil it libben fan Rêdbâd kening boekstaverje...' (side 9). Mar wannear't it perspektyf dan oergiet nei Pepyn fan Herstal wurdt dy opset ferbrutsen. Hadagrim kin nea it libbensferrin fan de hofmeier witte. It is spitich dat soks net ferantwurde wurdt.

Ik hie noch graach in soad dingen út it boek fiskje wollen om hjir te besprekken, mar it is domwei te folle. Schoorstra hat, nettsjinsteande de bop-

peneamde minpuntsjes, in ferrekt goed boek skreaun. Der sit safolle oan dat nei ien kear lêzen der allegear noch krûdich flesk achter de sinen sit dat der noch ôfite wurde moat. Dat wurdt noch in smaaklik haffeljen.

WILLEM SCHOORSTRA
Rêdbâd – Kronyk fan in kening
Friese Pers Boekerij, Ljouwert 2011